

JANKFODDE KOAR

 **Tûzen  
Triennen**

## YNFORMAASJE FOAR NIJE LEDEN

JANKFODDEKOAR  
TÛZENTRIENNEN  
BRITSUM

### It bestjoer

**Foarsitster:** Dita Roorda  
Wurgedyk 11, Stiens  
Til. 058-2574835

**Skriuwster:** Greet Snijder  
Ipestrjitte 21, Stiens  
Til. 06-20346313

**Kontaktpersoan foar optredens:** Dieneke Hamstra  
H. de Jongstrjitte 8, Jelsum  
Til: 058-2572458

**Kontaktpersoan foar muzykkommisje:** Rosalie de Konink  
Perzenstrjitte 7, Stiens  
Til. 058-2573148

**Ponghâldster:** Greetje Bijlsma  
Hunstewaed 6, Stiens  
Til. 058-2574181

**Kontaktpersoan foar PR-kommisje:** Annemarie de Jong  
Ubbemastins 25, Ljouwert  
Til. 058-2672737

**Dirigint:** Marijke Rodenburg  
**Pianist:** Tineke Dijkstra  
**Akkordeonisten:** Joke Burghout en Hendrikus Dijkstra  
**Gitarist:** Joop Schulp

**Email:** [tuzentriennen@planet.nl](mailto:tuzentriennen@planet.nl)

**Webside:** [www.tuzentriennen.nl](http://www.tuzentriennen.nl)

## Algemeine ynformaasje

It Jankfoddekoar Tûzen Triennen út Britsum is yn 1997 oprjochte troch en foar froulju dy't graach sjonge meie.

Op besteande melodyen wurde troch de koarleden sels Fryske teksten makke. De ferskes wurde skreaun fan út it stânpunt fan de frou.

De haadtema's yn de ferskes binne 'leafde' en 'manlju'.

## Optredens

It koar treedt bij foarkar net faker as twa kear yn de moanne op.

Yn oerlis mei de leden en de dirigint kin hjir fan ôfwykt wurde.

## De leden

It koar hat 38 leden en sjongt ûnder lieding fan de dirigint yn gearwurking mei de akkordeonisten, gitarist en pianist.

Froulju dy't lid wurde wolle, kinne kontakt opnimme mei de skriuwster en kinne dan nei in stimtest (op de wachtlist) pleatst wurde.

## Koar yntroduksjetrajekt

In oankommend lid wurdt útnoege om op in repetysjeûn by de dirigint in sjongtest te dwaan. Dan wurdt bepaald of hja geskikt is kwa stim en útstrieling. As dat sa is, bepaalt de dirigint de stimhichte (alt, mezzo of sopraan). Dêrnei kin it aspirant-lid fjouwer repetysjes meisjonge om te sjen of it wat foar har is. Dêrnei fynt in evaluaasje plak. (At der gjin plak is komt hja nei de sjongtest earst op ús wachtlist.)

## Wat wurdt der fan de leden ferwachte?

Fan de leden wurdt yn it foarste plak nocht oan sjongen ferwachte.

It is fan grut belang om sa folle mooglik op repetysjeûnen en optredens oanwêzich te wêzen. As je in kear net komme kinne, dit graach oanjaan op it foarum. Nije optredens wurde fia it foarum koartsluten. Hjirop oanjaan as't wol of net dielnimme kinst.

## By optredens wurde de ferskes út de holle songen.

***Dit komt de útstrieling fan it koar ta goede en ûnderskiedt it Jankfoddekoar Tûzen Triennen fan de measte oare koaren.***

## Foarum

De leden fan it koar hawwe tagong ta it foarum fan de webside.

Oanmelde via [jettytromp@live.nl](mailto:jettytromp@live.nl) Sy soarget dan dat fan it foarum gebrûk makke wurde kin. Op it foarum stiet ûnder oaren ynformaasje oer optredens, repetysjeûnen ens.

## De muzykkommisje

De muzykkommisje bestiet út 3 koarleden, de pianist, de dirigint en in bestjoerslid. Sy hâlde yn de gaten oft de ferskes by it koar passe, it lykwicht tusken flugge en stadige ferskes en oft in ferske yn "muzyk-technysk" opsicht geskikt foar it koar is om te sjongen.

## De teksten

De teksten binne altyd in it Frysk en wurde troch de koarleden sels skreaun. Elk lid kin mei ideeën komme. Graach wol earst oerlizze mei de muzykkommisje, foar't der in soad tiid stutsen wurdt yn it skriuwen fan de tekst en efterôf blykt dat it ferske net geskikt is foar it koar.

## Lidmaatskip

It lidmaatskip kostet € 150,-- per jier en kin elts fearnsjier skriftlik opsein wurde by de ponghâldster. Nije leden betelje earst nei de fjouwer probearjûnen en oant it nije fearnsjier € 12,50 yn 'e moanne. By opsizing is der noch ien folle moanne kontribúsje ferskuldige.

***Kontribúsje graach troch in automatyske ynkasso oermeitsje op namme fan: Jankfoddekoar Tûzen Triennen Britsum, NL71RABO0395439647.***

## Repetysjeûnen

It koar repetearret ien kear yn de 14 dagen op woansdeitejûn, fan 20.00 oant 22.00 oere, yn "Britsenburgh" Britsum. De dirigint kin beslute ta in ekstra repetysjeûn as sy dat nedich achtet.

## De meneuvelkommisje

Yolanda Schaap en Anita Braam sykje geskikte meneuvels by ús ferskes en hâlde yn de gaten of ús opstelling en presentaasje goed is.

## Klean by optredens

By optredens klaaie wy ús hielendal yn it swart, mei mooglik lange swarte moffen. De meneuvelkommisje soarget foar kleure boa's.

## Oaninoar praten fan de ferskes

Dit wurdt dien troch: Yvonne Broekens en by ôfwêzigens troch Anita Braam of Janny Ladenius.